

**Ferslach Ledegearkomste *It Skriuwersboun*
20 desimber 2019 yn Tresoar, Ljouwert**



Oanwêzich

Lubbert Jan de Vries, Syds Wiersma, Pieter de Groot, Pier Boorsma, Douwe Kootstra, Popke Popma, Willem Verf, Koos Tiemersma, Martsje de Jong, Ammerins Moss-de Boer
Bestjoer *It Skriuwersboun*: Tryntsje van der Veer, André Looijenga, Paul van Dijk, Geart Tigchelaar, Baukje Zijlstra, Trevor Scarse (ferslach).

Ofmeldings

Meindert Reitsma, Koop Scholten, Janneke de Boer, Jan Schotanus, Simen de Jong, Lomme Schokker, Job Degenaar, Remco Kuiper, Lida Dykstra, Ytsje Hettinga, Kate Schlingeman.

Tryntsje van der Veer iepenet de gearkomste om 19:30 oere.

Ferslach ALG fan 28 febrewaris 2019

Willlem: Poepjes hie op de Politike Jûn tasein dat der in aparte nota oer literatuer komme soe, mar dat is him net wurden. Wy sille in brief skriuwe nei de provinsje oer dy belofte. Wy falle no tusken wâl en skip om't we sawol ûnder taal & ûnderwiis as ûnder keunst & kultuer falle.

Syds: yn it foarige ALG-ferslach stie dat er de portefúlje film op him nimme woe yn de wurkgroep toaniel. Dat wie net sa direkt bedoeld, ek om't er al yn it Frysk Filmargyf aktyf is.

Fierders wurdt it ferslach goedkard.

Jieroersjoch 2018-2019

Willem jout de komplimenten foar de warberens fan it bestjoer ôfrûne jier. Martsje fynt dat it bestjoer in soad dien hat, ek kwa sichtberens.

Produktplannen

Produktplan 2019:

Tryntsje: subsydzjes moatte passend wêze kwa echte kosten. Kosten opnij berekkene om lyk te wurden. Jubileumboek wie der earst úthelle mar sit der no wer by.

Produktplan 2020:

It bestjoer hat it konseptplan oanpast sadat ús kosterûzing oerienkomt mei de oanfrege subsydzjes. Aktiviteiten wurde betelle út subsydzjes en eigen jild. Der komt in wurkgroep Proaza by om nij wurk te stypjen yn it meitsjen, útjaan en promoatsjen.

André: neist de subsydzje moat it Skriuwersboun ek it eigen jild oansprekke foar alle plannen. De feriening hat genôch romte om dit te dwaan.

Syds: hat in opmerking by produkt 2 oer de kommunikaasje. Op it stuit benammen op de leden sels rjochte, faaks ek handich om eksplisyt te fermelden dat we oansluting sykje mei oare wurkfjilden binnen keunst en kultuer, lykas festivals en kulturele organisaasjes.

André: Goed punt. Sille fierders ek de webside fernije, om't der op it stuit technysk dreech mei te wurkjen is.

Martsje: Moat Boeken fan Fryslân hjir faaks ek foar ynsetten wurde?

Baukje: We ha kontakt hân mei *Explore the North* oer de bydrage fan Fryske skriuwers en dichters oan it festival yn de takomst en sille dêroer mei har om tafel.

Martsje: moai inisjatyf en dat kin in sniebaleffekt ha. Moatte ek kontakt lizze mei skriuwers bûten Fryslân, sadat we ússels ek fia dy rûte sichtber meitsje. Moatte skriuwers aktyf fertsjintwurdigje.

Tryntsje: leit ek by de ynset fan de leden sels. De achterban moat meinaam wurde.

Jubileumfeest

Baukje: dit ôfrûne jier is in soad wurk stutsen yn it klearmeitsjen fan it jubileumboek en it organisearjen fan it jubileumfeest. Beide fûnen wy goed slagge.

De útjouwer Jitske Kingma fynt it ek in goed idee om it boek foar it Fryske ûnderwiis te brûken as oersjoch fan in part fan de hjoeddeistige Fryske literatuer.

Jitske is fierders dwaande mei de ferkeap fan it jubileumboek, al hat Van der Velde der noch gjin acht op slein. Soe moai wêze as se it wol ynkochten, om't sy de measte boekwinkels yn Fryslân ha. Reden om it net yn te keapjen soe wêze kinne dat se op it stuit net al te optimistysk binne oer de ferkeap fan Fryske boeken.

Willem: hat earder ek mei har oer dit ûnderwerp sprutsen en doedestiids wiene se ek al wat pessimistysk. Nettsjinsteande dat pessimisme stienen se wol iepen foar gearwurking en dat befoel goed.

Syds: har seleksje is ek beheind ta Bornmeer en Afûk.

Martsje: se ha ek net in moaie kolleksje lizzen mei goede boeken.

Willem: Kinne faaks Boeken fan Fryslân hjirop oansprekke dat se in bettere pr-masine opsette moatte. De minne publisiteit ferminderet de fraach, sadat se ek it oanbod ferlytsje; in fisieuze sirkel. Miskien ek in idee om in wurkgroep dêrfoar op te rjochtsjen.

Diskusje oer de taak fan Boeken fan Fryslân wurdt trochskood nei it folgjende punt.

Ta beslút tanket Baukje noch elts dy't bydroegen hat oan it jubileumboek. Hja biedt Willem Verf noch ekskús oan foar it missen fan de ein fan syn ferhaal. Dat is rektifisearre mei in ynlysfel.

De oanwêzige minsken fûnen it ek in moai feest, al hiene se leaver wat minder lûde muzyk derby. No wie der net al tefolle romte om gesellich mei inoar te praten.

Baukje: Dat kaam ek omdat de seal wat lytser wie as ferwachte. De folgjende kear in mear skieden romte, in helte om te sitten en in oare helte om te dûnsjen.

André: in kommersjele wurkgroep (pr) is in goed idee.

Boeken fan Fryslân

Martsje: Eeltsje Hettinga, Hilda Talsma en Martsje hiene in rychje fragen steld, dêr't se andert op fregen. Fûnen de Moanne fan it Fryske Boek tefolle rjochte op Schoorstra. Dat hat foar Schoorstra wol fertuten dien, mar de opset moat breder.

Fierder is it boek fan de moanne ôfskaft om't it neffens guon te min opsmiet. Net dúdlik hoe't dit beslút ta stân kommen is. Soe yn konklaaf wêze moatte mei de ferskillende útgjowers yn Fryslân mar allinne de Afûk wist derfan. Boeken fan Fryslân soe de oantruner wêze, mar dat falt yn de praktyk ôf. It foarsitterskip fan de organisaasje soe rûlearje tusken útgjowers mar dat komt net echt fan de grûn. Fierders binne de gearkomsteferslaggen ek net iepenbier beskikber.

Willem: de âlde opset fan Boeken fan Fryslân, doe't it troch Tresoar laat waard, wurke net om't sy net betûft binne yn pr. De Provinsje is frege om dy taak nei in nije organisaasje te ferskoven. Dat ha se dien troch de Afûk dêrfoar oan te stellen.

Uteinlik wurket dy nije opset ek net om't Afûk tefolle taken hat en net ûnôfhinklik is as útgjower. It Boun moat in dúdlik alternatyf oanbiede oan de Provinsje om har yn beweging te krijen, bygelyks op basis fan artikels fan Willem en Geart yn de Ensafh.

Baukje: Martsje, jim ha it BoekSimmerBoek-feest organisearre mei help fan Boeken fan Fryslân. Hoe gong dy gearwurking?

Martsje: Hilda en ik hawwe alles sels regele en Ernst frege om de faktueren te beteljen. Fierders gjin ynput fan Boeken fan Fryslân.

Willem: we soenen op in rychje sette moatte wat de minpunten fan de hjoeddeistige opset fan Boeken fan Fryslân binne, wat se dwaan moatte soenen en hoe't it better kin. Dat foarlizze oan har en de provinsje.

Nije kultuernota Provinsje

Willem: de stipe foar de Fryske taal is tefolle rjochte op allinne taalbefoarding. De literatuer sjit der by yn, wylst se wol prate fan 'net genôch fernijing'. Beskamsume opmerking dy't se fierders ek net ûnderbouwe mei wat dan ûnder fernijing falt. We moatte echt stean op in aparte nota foar de Fryske literatuer, lykas Poepjes tasein hie.

Douwe: de miening fan it Skriuwersboun hat wol gewicht.

Tryntsje: We sille oer dit ûnderwerp in brief nei de provinsje stjoere. Miskien in goed idee om dêroer in Tinktank te organisearjen.

Syds: We moatte net foarbygean oan wêr't de oandacht fan de besteande nota nei út giet: multydisziplinêr wurkje, festivals en oare publyksaktiviteiten.

Martsje: dy fokus op optredens is net hielendal goed, moatte ek it lêzen sels befoarderje. Wy moatte in dúdlik útstel jaan dat de amtners sa oerskriuwe kinne.

Baukje: net ferjitte dat sokke publykseveneminten ek nije lêzers oansprekke kinne, dy't dan wer nei de boeken ta laat wurde kinne.

Martsje en Willem: net ferjitte om troch te gean om de skreaune literatuer promoatsjen.

Willem: in selsstannige organisaasje kin dat folle better dwaan. In Tinktank begjin 2020 is it bêste om noch op tiid te wêzen om rjochting by te stjoeren. Willem sil syn stik wer even tastjoere as basis foar de Tinktank.

Koos: Omrop Fryslân moat mear omtinken oan de Fryske literatuer jaan, ûnder de nije haadredakteur binne dêr faaks wol mooglikheden foar.

Douwe: op advys fan de programmarie is der in nije missy en fisy skreaun. Omrop Fryslân is yn prinsipe wol fetber foar sa'n inisjatyf, mar dat wurdt faak tsjinwurke troch de flotte personielswikseling.

Paul hat yn de redaksje sitten fan de podcastrige *Boekekast* fan de Omrop. Wurdt in moai inisjatyf neamd troch meardere oanwêzigen, en elk is tige nijsgjirrich wat de publykssifers wêze sille fan dit rinnende projekt.

Ljouwert City of Literature

Te min tiid foar dit punt.

Bestjoersgearstalling It Skriuwersboun

Paul stapt út it bestjoer, al wol er him foar guon projekten wol ynsette. Geart tanket him foar syn ynset, ek foar de takomst. Paul kriget in kaart, boekebon en spultsje.

Tryntsje hie yn juny al har foarsitterskip dellein. Sy swait no ek ôf as algemien bestjoerslid. Baukje sprekt Tryntsje ta, tanket har foar har sân jierren fan ynset. Tryntsje kriget ek in kaartsje en kado.

Nije bestjoersyndieling

- Trevor bliuwt skriuwer
- Geart sil ynterim-foarsitter wurde
- André Looijenga bliuwt oan as ponghâlder
- Baukje bliuwt algemien bestjoerslid

We moatte echt nije bestjoersleden fine, om't fjouwer man te min is foar de wurklêst.

Wurkgroepen

Te min tiid foar dit punt.

Skoft

Ofsluting jubileumjier mei Pieter de Groot en Pier Boorsma

Pieter fertelt ferhalen oer it begjin fan it Skriuwersboun, oant en mei syn tiid as bestjoerslid, tegearre mei syn sidekick Pier.

Omfreegjen:

Nei oanlieding fan it ferhaal fan Pieter: faaks is it in idee om Durk van der Ploeg earelid te meitsjen. Ek om syn 90ste libbensjier te fieren.

Elkenien kin him dêr wol yn fine. Moatte mar in moaie oarkonde foar him meitsje en in boskje blommen en Omrop Fryslân meinimme.

De sitting wurdt om 21.50 oere opheft.